



Ljouwert: in gemeente mei perspektyf

Ferkiezingsprogramma VVD Ljouwert 2022-2026

per·spek·tyf
(it; o; meartal:
perspektiven)
I fiergesicht, foarútsicht,
takomst

Ferkiezingsprogramma VVD Ljouwert 2022-2026

Leden fan de programmakommisje:

Martijn Brands

Marcel Visser

Petra van der Sloot

Sietse Bouma

Hendrik Terpstra

Geu Luik

Harry Bevers

Amarins Geveke

Ynhâld

Ynleiding	3
1 In gemeente wêr it goed libjen is	5
1.1 Wenje	7
1.2 De nije omjouwingwet	8
1.3 In duorsume takomst	8
1.4 Berikberens fan stêd en dorpen	10
1.5 Behear Iepenbiere Romte	11
1.6 Feiligens foar elkenien	12
2 Undernimme, wurkje en rekreëarjen	14
2.1 Romte foar ûndernimmers	15
2.2 Wurk en ynkommen	16
2.3 Lânbou	17
2.4 In brûzende stêd dy't besikers fan bûten oanlûkt	18
2.5 Rekreaasje en toerisme	19
2.6 Kulturele foarsjennings foar alle leeftiden	20
3 Goede soarch foar elkoar	22
3.1 Feilich opgroeie	23
3.2 Underwiis	24
3.3 De goede soarch foar elkenien	25
3.4 Elkenien docht mei en yntegrearret	26
3.5 Sûn wêze, sporte en bewege	27
4 In oerheid dy't wurket foar ynwenners en ûndernimmers	29
4.1 It belang fan de ynwenners stiet foarop	30
4.2 Ferstannich mei jild omgean	30

Ynlieding

Ljouwert is in gemeente dy't libbet. Minsken wurkje oan harren ûntwikkeling, oan harren karriêre en oan in moaie en leefbere omjouwing. In plak mei in gefoel fan 'thús' foar elkenien dy't yn de stêd en omlizzende plakken wennet, wurket oft dêr op besite is. Mei oplossingen foar hjoed en perspektyf foar de takomst.

Dat freget om foarse ambysjes: Ljouwert as 'de' hbo-stêd fan it Noarden. Want in florearjende studintestêd soarget foar drokte yn 'e binnenstêd en jout kleur oan ús wiken. Ljouwert is in toeristyske en kulturele hotspot mei de Prinsetún as moaiste jachthaven fan Nederlân! Hjir bine wy ûndernimmers oan ús, as meast mkb-freonlike gemeente.

Wy geane dy ambysjes net út 'e wei. Krekt oarsom: wy bouwe de kommende perioade fierder oan in gemeente dêr't it goed wenjen, wurkjen en rekreäarjen is. Sûnder dat je moannen of jierren wachtsje moatte op in geskikt hûs. En mei genôch banen om nei dyn skoalle of stúdzje ek wier 'oan de slach' te gean.

Foar ús ynwenners begjint it mei it perspektyf dat elkenien opgroei kin yn in omjouwing dy't skjin, grien en feilich is.

Jins dreamen no, jins skiednis skielk

Wêr'tst sels de kar meitsje kinst nei hokker skoalle oftst wolst en hokker oplieding oftst folgje wolst. Dêr't skoallen en bedriuwslibben mei-inoar wurkje oan in passend ûnderwiisoanbod mei perspektyf op in baan dy't by dy past. En wêr't it nedich is, we goede soarch tichtby hûs biede. Betelber en foar elkenien leechdromplich beskikber.

Wy steane foar genôch oanbod fan wenningen en perspektyf om de folgjende stap op 'e huzemerk te setten ast dêr oan ta bist. En dus nimme we de útdaging oan om bouwen te bliuwen, en te soargjen foar genôch oanbod fan wenningen yn alle priisklassen yn stêd en doarpen.

Foldwaande wurkgelegenheid stiet of falt mei in oantreklik ûndernimmersklimaat. De oerheid kin gjin banen 'meitsje'; dêr soargje foaral de bedriuwen foar. Wy lizze de reade loper út foar de ûndernimmer. Sy binne ús ambassadeurs, de motor fan de lokale ekonomy en sy soargje foar de banen. Dat betsjut regels beheine en de ûndernimmer dwaan litte dêr't er it bêste yn is: ûndernimme.

Folgjende generaasjes ferwachtsje fan ús dat wy in duorsume gemeente efterlitte. Tegearre sjogge wy nei helbere en betelbere oplossings foar gesinnen en ûndernimmers. Ferduorsumjen freget om tûke en ynnovative oplossingen en yngreven ûndersyk nei helberens, effisjinsje en effektiviteit. Ferrommeling fan it unike Fryske lânskip wolle wy tsjingeane. Draachflak foar oplossingen ûnder ús ynwenners is tige wichtich. Sa soargje we derfoar dat we klear binne foar de takomst.

Leefberens is it kearnbegryp foar ús wiken en doarpen. Soms giet it yn wiken minder goed mei dy leefberens. Dat freget om in aktive rol fan de oerheid. Wy sjogge de oanpak yn de Vlietsône as foarbyld foar oare wiken dêr't de leefberens en feiligens ûnder druk steane. De leefberens yn de doarpen hat faak oare útdagingen: it ynstânhâlden fan foarsjennings freget om oplossingen op maat. De gemeente tinkt en siket mei nei dy oplossingen, mar we jouwe ek fertrouwen en rezjy oan de ynwenners foar eigen inisjativen.

Wy steane foar in fleksibele en slachfeardige gemeente. In gemeente dy't siket nei oplossingen bûten de gewoane paden en dy't goed op har ynkkomsten en útjeften let. Mear jild útjaan as der binnenkomt is net akseptabel: dan ûntsteane der problemen. Troch de gemeentlike taken op in sunige, mar effektive wize út te fieren hâlde wy de lokale lêsten leech. En as de gemeente jild oerhâldt, soargje wy foar in ferantwurde en stevige reserve foar 'mindere' tiden. Uteinlik komt it dan ten goede oan al ús ynwenners en ûndernimmers. Sa hâlde wy it libben yn ús gemeente foar elkenien betelber.

Koartsein: Ljouwert is in plak dêr't gelikense kânsen foar elkenien besteane en dêr't elkenien it bêste út himsels helje kin. Do hast de kar om dyn libben yn te rjochtsjen sa ast do wolst. Yn in maatskippij dy't ferdraachsum is foar dy en wêr'tsto ferdraachsum bist nei de wrâld om dy hinne. Fan wjerskanten respekt is de basis fan hoe't wy mei-inoar omgean.

Tegearre bouwe we oan in noch moaier Ljouwert mei perspektyf foar ús ynwenners!

Us dreamen no, ús skiednis letter

Marcel Visser Listlûker VVD Ljouwert



A scenic landscape featuring a body of water in the middle ground, a wooden fence in the foreground, and tall grasses. The sky is overcast with soft, grey clouds. The overall mood is calm and natural.

Haadstik 1

**In gemeente
wêr it goed
libjen is.**

1.1 Wenje

Ljouwert is in leefbere gemeente, wêr't it noflik en noflik wenjen is. In hûs is in thús; in plak dêr'tst dy feilich en noflik fielt. Beskikberens fan wenningen stiet foarop. Yn de stêd en op it plattelân. Wy stimulearje de trochstream op de wenningmerk mei ekstra keapwenten yn it midden en heech segmint. Op dizze wize komme betelbere starterswenningen beskikber. Ek it oanbod fan hierwenten fan wenningkorporaasjes, saneamde korporasjewenten, is foldwaande. Dat stimulearret jongerein om harren bliuwend yn de gemeente Ljouwert te fêstigjen.

Skeefwenjen is net winsklik. Om antwurd te jaan op de krappe wenningmerk, geane de bou-ambysjes omheech. Om gau mear wenningen bouwe te kinnen, kieze wy foar koartere en soepelere prosedueres foar nijbou. De amtlike organisaasje rjochtsje wy sa yn, dat soksoarte prosedueres ek echt flugger geane. Wenje yn Ljouwert is boppedat betelber. Gemeentlike heffingen wurde dêrom maksimaal ferhege mei it tanimmen fan it algemien priispeil.

Der is genôch romte om de auto te parkearjen en it tal elektryske laadpeallen giet omheech. Alle wenningen binne oansletten op glêsefazel foar in rappe ynterneferbining.

Wa't sels in hûs bouwe wol, kin kieze út genôch kavels. Hoe en hokker hûs oft je bouwe wolle, kinne je prima sels beslisse. We binne in foarstanner fan wolstânsfrij bouwe. Dêr hawwe we Wolstânskommisje Hûs en Hiem net foar nedich.

De gemeente Ljouwert hat genôch sosjale wenningbou. Dit docht bliken út ferskate wenningmerkûndersiken. Wenningboukorporaasjes rjochtsje harren op harren primêre doelgroep. Nije sosjale wenningbou is allinnich mooglik as korporasjes bestaand wenningbesit ferkeapje oan partikulieren en/of starters op de wenningmerk. Per saldo bliuwt it tal wenningen binnen de sosjale hier dan gelyk.

Sosjale hierwenningen wurde net trochferhierd fia dielplatforms (lykas Airbnb). Yllegaal trochferhiere wurdt hurd oanpakt!

De gemeente makket gebrûk fan in ferhiermakeler. Dizze kin ynset wurde, om tegearre mei de wenningboukorporaasjes, trochstreaming binnen de sosjale hiersektor mooglik te meitsjen.

Eksperimintearje mei alternative foarmen fan wenjen en wenningbou. Tink oan de bou fan kangoeroewenten, lytse húskes (tiny houses), senioarehofkes (knarrenhofkes) of tydlike (net-permaninte) wenten. Sa helpe wy starters op wei en kinne âlderen yn in fertroude omjouwing wenjen bliuwe.

Tydlike (net-permaninte) wenningen sjogge wy as in oplossing om te foarsjen yn it tydlike wenferlet.

Studinten binne in ferriking foar Ljouwert. Wy stimulearje en soargje foar genôch studintehúsfêsting. Eigeners fan studintehúsfesting soargje derfoar dat dizze brânfeilich binne. En dat der foldwaande berging is foar fytsen. De gemeente kontrolearret hjir aktyf op.

De fergunningsplicht foar gemeentlike monuminten feroarje wy yn in meldingsplicht. Dit foarkomt it ûnnedich beteljen fan bouleezjes by lytse yngrepen.

Wy bestride leechstân troch it mingjen fan funksjes foar wenjen, wurkjen, detailhannel en hoareka. Wy ferromje ek festigingsmooglikheden, troch it opstellen fan romme bestimmingsplannen. Fierder dogge we alles wat mooglik is om spekulasje tsjin te gean. Sa meitsje wy de gemeente noflik en leefber.

Breed droegen inisjativen út de mienskip wei lykas Collectief Particulier Opdrachtgeverschap (CPO) Mantgum wurde stipe en stimulearre. De gemeente stelt him op as partner.

Yn de gemeente Ljouwert gean wy by nij- en ferbou foar kwaliteit fan wenjen. Dêrom hawwe nije selsstannige wenten in minimale oerflakte fan 65m². Dat leit fêst yn it gemeentlik ôfwegingskader Wenningbou.

1.2 De nije omjouwingwet

De omjouwingwet hat as doel om prosedueres oangeande romtlke plannen flugger troch te rinnen. Yn de eagen fan VVD Ljouwert kin dat allinnich mei minder regels en mear fleksibiliteit binnen de nije omjouwingplannen (foarhinne it bestmingsplan). Prosedueres foar inisjatyfnimmers wurde makliker en koarter. By nije inisjativen stelt de gemeente him yn begjinsel fasilitearjend op. Wy leauwe yn it prinsipe: "Ja, mits", yn stee fan "Nee, útsein". Wy lizze yn de útwurking fan de omjouwingwet gjin ekstra ferplichtingen op, boppe-op de wetlike ferplichtingen fan de omjouwingwet. Der komt om ús dus gjin nije wolstânskommisje. Wol komt der in advyskommisje foar ryksmonuminten dy't him rjochtet op de wetlike taken dy't fuortfloeiend út de omjouwingwet.

De omjouwingwet stimulearret iertidige partisipaasje. Dêrmei kinne oerheden nammentlik op 'e tiid belangen, mieningen en kreativiteit op tafel krije. Oerheid en ferskate belanghawwenden meitsje foarôf heldere ôfspraken, en lizze de prosedueres goed fêst.

Alle ynwenners, bedriuwen en oare organisaasjes krije (én hawwe) op in maklike en gebrûksfreonlike wize ynsjoch oer de romtlke mooglikheden binnen harren perseel. Tink oan útwreidings en oanpassings oan wenning en/of gebou. Alle regels út it omjouwingplan/bestmingsplan binne digitaal beskikber en aktueel.

1.3 In duorsume takomst

De gemeente Ljouwert sil ferduorsumje. Huzen gean fan it ierdgas ôf, sinneparken en wynmûnen ferskine yn ús lânskip. Dat binne flinke feroaringen, dy't om ferstannige karren en draachflak freegje. Duorsumens biedt kânsen foar ekonomyske groei en in noflikke, leefbere stêd. Mar it moat wol betelber bliuwe foar gesinnen en ûndernimmers. Troch duorsume oanpassings tûk yn te setten, is dit mooglik.

It ferduorsumjen fan in gemeente freget om tûke en ynnovative oplossings en digen ûndersyk nei helberens, effisjinsje en effektiviteit. We meitsje gebrûk fan de kennis fan ús ynwenners en we wurkje gear mei ús hegeskoallen, universiteit en kennisinstellings lykas Wetsus en de Dairy Campus. Wy leauwe dat dizze gearwurking krúsjaal is foar it duorsumer meitsjen fan ús gemeente.

Wat alternative enerzjyboarnen oanbelanget, geane wy ynearsten út fan 'wyn op see, sinne op lân'. Grutskalige inisjativen mei wynenerzjy hearre op see thús. In útsûndering is der foar de saneamde 'Grinslanner wynmûnen' op boerehiemen. Bestearde doarpsmûnen meie ferfongen wurde troch gruttere farianten, mar wol mei in maksimale tipdichte fan 100 meter. Dat komt oerien mei de provinsjale regeljouwing.

De tapassing fan sinnepanielen sjogge wy by foarkar op dakken fan besteande en nij te bouwen bedriuwspannen op yndustryterreinen. Partikulieren kinne net ferplichte wurde ta de oanlis fan sinnepanielen op dakken fan harren hûs.

De enerzjytransysje en ferduorsuming stimulearje ynnovaasje en wurkgelegenheid. De gemeente fiert aktyf belied om dizze nije sektoaren te stypjen. Wannear't it effektyf bydraacht oan de lokale ekonomy en it miljeu, keapje wy ús produkten en tsjinsten duorsum en sirkulêr yn.

Wy stypje it stribjen nei in enerzjyneutrale gemeente yn 2050. Dat berikke wy troch enerzjy te besparjen en mear duorsume enerzjy op te wekken. Dêrby stimulearje wy miljeubewust ûndernimmen, mei in passende rol foar de lokale opwekking fan duorsume enerzjy.

Per wyk/doarp meitsje wy in plan foar it duorsumer meitsjen fan wenten en bouprojekten. Mei bewenners en gebou-eigeners sjogge wy nei de bêste oplossing. Dêrnei soargje wy dat ynwenners in betelber alternatyf oanbean krije. De totale wenlêsten meie net omheech, is it prinsipe hjirby. Om de enerzjytransysje behapber en betelber te hâlden, besjogge wy alle mooglikheden om it duorsumer meitsjen fan de wenning en ynnovative projekten yn de bou fierder te stimulearjen.

Wy binne tsjin gaswinning yn ús gemeente.

Foardat in wyk/doarp oergiet op in oare enerzjyfoarsjenning as ierdgas, soargje wy derfoar dat ynwenners in betelber alternatyf oanbean krije. Tink bygelyks oan tûke enerzjynetwurken, dêr't húshâldingen oerstallige duorsume enerzjy ûnderling diele kinne. It gasnetwurk behâlde wy foar de takomst, wannear 't wetterstof of grien gas tagonklik binne.

Wy meitsje it sa maklik mooglik om sinnesellen en laadpeallen oan te freegjen, troch prosedueres simpeler te meitsjen. Sa stimulearje wy de ynset fan duorsume enerzjy.

Elektryske auto's binne in goede, sunige wize om fan A nei B te kommen. De gemeente wurket aktyf mei in stimulearret genôch iepenbier tagonklike oplaadpunten. Partikulieren kinne net ferplichte wurde harren eigen oplaadpeal oan te skaffen. By iepenbiere laadpeallen nimt de gemeente passende maatregels om 'laadpealkleve' foar te kommen.

Wy folgje de maatregels fan Ryksoerheid en Provinsje oangeande de stikstofproblematyk, mits basearre op feitlike mjittingen en mei in relaasje ta helbere en betelbere natuerdoelen. We stimulearje duorsume startups foar de ûntwikkeling fan bygelyks skjinne technologyen, ynnovaasje en wurkgelegenheid.

1.4 Berikberens fan stêd en dorpen

It is fan belang dat stêd en doarp leefber binne en leefber bliuwe. Wy wolle dat ús gemeente goed berikber is fia spoar, wetter en mei de fyts en auto. Wy beskôgje alle ferkearsdielnimmers dêrby as lykweardich en ynvestearje yn trochstreaming, ûnderhâld en feiligens.

Oft it no mei de auto, de fyts, in e-bike of in oar ferfiermiddel is: ús ynwenners kinne harren noflik en feilich troch de gemeente bewege. Dizze ûntwikkelingen freegje om fytspaden en diken dy 't ynrjochte wurde op de takomst, wêrby't feiligens en trochstreaming sintraal steane.

Yn 2021 is úteinset mei it autolij meitsjen fan it Gouverneursplein, de Eewal en omkriten. Dy faze 1 kin pas in ferfolch krije nei in wiidweidige evaluaasje wêrby alle belanghawwenden belutsen wurde. Utweiding fan it autoluwe gebiet is gjin doel op himsels.

De shared space-oplossingen op it Stationsplein, by de Blokhúspoarte en op it Beursplein wurde troch ferkearsdielnimmers ûnderfûn as ûnfeilich en passe net by de aard fan it ferkear dêr. Wy wolle op dy plakken dan ek ôfstappe fan it shared space-konsept en de ferkears situaasje op in sa feilich mooglike wize opnij ynrjochtsje.

By nijbou stribje wy nei parkearje op eigen terrein.

De gemeente kommunisearret ûnderhâld oan diken en dykôfslutingen op 'e tiid fia bebuording en de (social) media. Dêrby jildt dat we ûnderhâld safolle mooglik yn ien kear besykje te dwaan, om oerlêst te beheinen. Dêrby is helder wat de alternative rûte is. Sa foarkomme wy 'sykferkear'.

It ûnderhâld fan de diken, fytspaden en trottoirs is en bliuwt op peil.

Wêr nedich wurde de bermen fan smelle diken yn it bûtengebiet ferhurde mei gerstegels om de feiligens te fergrutsjen.

We binne foarstanner fan de Lelyline. Mei Ljouwert, de haadstêd fan Fryslân, as begjin- of einstasjon fan dizze line.

De spoarbrêge HRMK oer it Van Harinxmakanaal by Ljouwert biedt yn de takomst net genôch trochfeartmooglikheden foar skippen fan de steande mêstrûte. Sûnt 2021 ride der alle oeren fjouwer treinen tusken Ljouwert en Swolle. Dêrtroch kin de brêge minder faak iepen en moatte skippen en treinen hieltyd faker lang wachtsje om de brêge te passearjen. Om de berikberens grutter te meitsjen, pleitsje wy foar de oanlis fan in spoarakwadukt ûnder it Van Harinxmakanaal yn Ljouwert.

1.5 Behear Iepenbiere Romte

Wy wenje allegearre graach yn in omjouwing dy't grien, skjin en feilich is. Dêr't buorlju mei-inoar in bydrage leverje oan it ûnderhâld fan de strjitte. Mar ek harren eigen tûn, balkon en stoepe skjinhâlde. De gemeente stimulearret, bygelyks mei lokale kampanjes, dat de wyk en de doarpen skjin bliuwe.

By it ûnderhâld fan grien wurkje wy safolle mooglik gear mei ynwenners. Inisjativen fan bewenners en organisaasjes om de eigen strjitte of buert te fergrienen en te ûnderhâlden, moedigje wy oan. We binne foarstanner fan Right to Challenge (útdaachrjocht). Dat biedt ynwenners de mooglikheid om gemeentlike taken oer te nimmen wannear't se fan betinken binne it sels better of goedkeaper dwaan te kinnen. In Right to Challenge past yn in moderne gemeente dy't har ynwenners sintraal stelt. In gemeente dy't har ynwenners fasilitearret by it nimmen fan eigen ferantwurdlikheid.

We sykje nei nije wizen om swalkôffal en ôffaldumping tsjin te gean. Wy sille eksperimintearje mei de mooglikheid foar ynwenners om in ûndergrûnske ôffalkontener yn harren buert te 'adoptearjen'. As it nedich is pleatse wy tydlik grutte, boppegrûnske ôffalbakken. We sette dêrneist ek yn op hanthavening en foarljochting.

Wy geane foar de feilichheid út fan it tapassen fan tûke en duorsume ferljochting yn stee fan wiken en doarpen yn it tsjuster te setten.

De gemeente siket de gearwurking mei it Wetterskip om wetteroerlêst te ferminderjen en maatregels te nimmen om gefolgen fan hjitte en drûchte op te fangen.

Sawol by bouplannen, as by dyk- en natuerûnderhâld hâlde wy rekken mei boaiem- en wetterbehear. Dat hâldt yn: it better fêsthâlden fan wetter, it tsjingeane fan fergrieming en it stimulearjen fan wergebrûk fan wetter.

Fan jannewaris 2023 ôf wurdt ûnder de namme 'Goed scheiden loont' yn Ljouwert diftar tapast foar it ôffal. Diftar is in ôfkoarting foar differinsjearre tariven. Dit komt der op del dat de ôffalstofheffing per húshâlden berekkene wurdt op hoefolle oanbeanne ôffal. Nei de ynfiering wolle wy yn in jierlikse evaluaasje besjen oft de doelstellings fan de ynfiering fan diftar behelle wurde. Dus: of de hoemannichte restôffal ôfnimt en of goed skiede yndied leant foar ús ynwenners.

We wolle mear griene plakken mei beammen en planten yn de stêd en de wiken. Hoe lyts ek. In stiennen omjouwing is al gau opfleure mei fergriening, in strûk of plantebak. Sa soargje wy foar in omjouwing dy't klimaatbestindiger en koeler is én bydraacht oan it bioferskaat.

By it oanlizzen fan in nij rioelstel skiedt de gemeente reinwetter fan húshâldlik ôffalwetter. Sa stimulearje wy wergebrûk fan wetter en brûke wy minder. Ek it ôfkeppeljen fan reinwetterôffier wurdt stimulearre.

Eksoatyske planten en strûken as de reuzereadskonk, de reuzebeareklau en grutte wetternavel bestride wy op 'e tiid om de ynheemske soarten te behâlden en oerlêst foar te kommen. Dat dogge wy op in sa 'grien' mooglike wize. Bygelyks troch gebrûk te meitsjen fan in elektryske ûnkrûdbestriders foar selektive bestriding fan ûnkrûden oant yn de woartel.

1.6 Feiligens foar elkenien

It is wichtich dat wy ús feilich fiele yn ús eigen buert en hûs. Sûnder feilichheid gjin frijheid. Wy wolle dat elkenien yn Ljouwert feilich wenje, ferbliuwe, wurkje en ûndernimme kin. Dat de stêd net allinnich feilich is, mar elkenien him ek feilich fielt. Mar feilichheid is in mienskiplike ferantwurdlikheid. Tegearre mei ynwenners en ûndernimmers soarget de gemeente dêrom foar in feilige leefomjouwing. Troch mei-inoar op te lûken geane we oerlêst tsjin. Wy pakke kriminaliteit keihurd oan en sette alles op alles om werhelling foar te kommen.

Minsken wurde net berne as krimineel, mar glydzje faak ôf troch in minne opfieding, ferkearde freonen of in ûnfeilige omjouwing. It is dêrom wichtich dat de gemeente by de oanpak fan kriminaliteit kiest foar de kreative balâns tusken represje en previnsje. Us eigen krêft, stipe troch in gemeente dy't noed stiet foar feiligens, foarmet it fûnemint fan ús maatskippij.

De gemeente Ljouwert brûkt de feilichheidsprestaasje-yndeks (VPI) as stjoeringsynstrumint foar de oanpak fan kriminaliteit en oerlêst. Oer 2020 wie de totaalskoare minder as 2019. De binnenstêd skoart struktureel in flinke ûnfoldwaande. Wiken as Heechterp en Schieringen, Oud-Oost en de Potmargezone skoare in ûnfoldwaande en in fiiftal wiken hellet in krap seiske. Wy fine ûnfoldwaandes op it mêd fan feilichheid ûnakseptabel en wolle dêrom ekstra ynvestearje yn feilichheid. Us doel is om binnen fjouwer jier alle wiken en doarpen in romme foldwaande skoare te litten.

It is wichtich dat plysje, brânwacht en ambulânses 24 oeren deis beskikber binne en oer genôch (frijwillige) persoanen beskikke. De helptsjinsten komme yn gefal fan need hurd en binnen de ôfsprutsen oanrydtiid. Wêr't dat mooglik is, meitsje plysje en brânwacht gebrûk fan de modernste techniken om ûnfeilige situaasjes foar te kommen. Elke ynbraak, ûngelok of brân dy't foarkaam wurde kin, is winst.

Yn ús stêd kin elkenien himsels wêze. Dêrom pakke we diskriminaasje en geweld tsjin LHBTI's direkt oan en soargje we derfoar dat it dwaan fan oanjeffe sa maklik mooglik makke wurdt

In app is soms handich, mar nea de iennige mooglikheid om in melding te meitsjen of oanjeffe te dwaan. Oanjeffe dwaan kin op it buro, fia ynternet of telefoan en fia de eigen wykagint dy't yn dat gefal op ôfspraak delkomt.

De plysje en bûtengewoan opspoaringsamtners (boa's) binne sichtber op strjitte en yn wiken. Ekstra boa's fergrutsje de sichtberens fan hanthavening en bestride lytse kriminaliteit. De kosten fan hanthavening wurde safolle mooglik ferhelle op de feroarsakers fan de oerlêst.

Wy fine it normaal dat men mei de hannen fan in oar syn spul ôfbliuwt. Geweld is hielendal ferbean. Seker tsjin ús helperlieners en oaren dy't har foar de publike saak ynsette. Se hearre harren wurk dwaan te kinnen sûnder steurd te wurden. Huffers dy't har dêryn hinderje pakke we hurd oan.

Oerlêst is in grutte argewaasje. De plysje grypt altyd yn as minsken de regels oertrêdzje of oerlêst feroarsaakje. Rêddraaiers en hingjongeren wurde opspoard en oanpakt. Wannear de plysje yngrypt, kin sy rekkenje op ús stipe en dy fan it lokaal gesach.

As it nedich is wreidzje wy it kameratafersjoch en de hanthaveningskapasiteit út. Wy sjogge dat ekstra kameratafersjoch – bygelyks yn de Vlietsône – wol deeglik wurket, de feilichheid fergruttet en ek in previntive wurking hat. Wy ûndersykje oft de boetes dy't troch ús hanthaveners útskreaun wurde ek weromfloeie kinne yn de gemeentekas. Dit jild kinne wy dêrnei ynsette om de feilichheid te ferbetterjen. As dit mooglik en rendabel is, fiere wy dit yn.

Wy foarsjogge ús hanthaveners fan de goede middels. Yn jannewaris 2021 is yn Ljouwert in pilot begûn foar it útrêsten fan in tal hanthaveners mei in wapenstôk. Wat ús oanbelanget krijt dizze pilot in ferfolch. Ek wolle wy dat se gebrûk meitsje kinne fan technology, lykas kameratafersjoch en bodycams, om harren feiligens en dy fan ús ynweners en helptsjinsten yn de stêd te fergrutsjen.

Krimineel jild mei de boppewrâld net berikke. De gemeente bestriidt ûndermyning en wytwaskpraktiken aktyf. Wy wegerje in fergunning of lûke dy yn as dy misbrûkt wurdt foar it fasilitearjen fan kriminele aktiviteiten.

Om softdrugs hinne bestiet al lang in frjemde situaasje. Wylst de ferkeap fan kannabis oan de foardoar fan de winkel gedoge wurdt, is de ynkeap oan de achterdoar yllegaal. In 'gedoochbelied' is tydlik; it wurdt tiid foar in regulearre oplossing.

Hieltyd faker binne ús ynweners slachtoffer fan digitale kriminaliteit, lykas WhatsApp-fraude of phishing. Dêrom ynvestearje we yn goede foarljochting foar ynweners, jong en âld. Ek meitsje we dúdlik dat se oanjeffe dwaan kinne fan cybercrime.

Om foar te kommen dat der werhelling fan krimineel gedrach plakfynt, wurkje wy gear mei skoallen en jongereinwurk om jongerein mei in kriminele eftergrûn perspektyf te bieden. It learen meidwaan yn 'e maatskippij komt tefoaren dat se ôfglydzje nei organisearre kriminaliteit.

De boargemaster hat in soad foech dy't er brûke kin om de gemeente feiliger te meitsjen. Wy wolle dat hy dizze ek echt brûkt.

A photograph of an industrial facility, likely a water treatment plant, featuring several tall, cylindrical concrete silos and a multi-story building with windows. A metal walkway with railings spans across the top of the silos. The sky is blue with light clouds.

Haadstik 2

Undernimme, wurkje en rrekreëarjen

2.1 Romte foar ûndernimmers

Besteande ûndernimmers dy't al in skoft yn de gemeente Ljouwert fêstige binne, nijkommers en potinsjele nije bedriuwen: we kinne se allegear echt nóch better fan tsjinst wêze. Neist it koesterjen fan de ûndernimmers yn ús gemeente is it oanlûken fan nije wurkgelegenheid yn dizze tiid fan bûtengewoan belang. It midden- en lytsbedriuw is dé banemotor fan 'e gemeente. As it goed giet mei de lokale ûndernimmers, dan giet it goed mei de gemeente. Dêrby is in klantfreonlike gemeente fan essinsjeel belang.

De gemeente Ljouwert heart yn de top-10 fan mkb-freonlikste gemeentes. En net op plak 239, lykas yn 2021! De gemeente kreëarret in optimaal fêstigingsklimaat, leit de reade loper út foar ûndernimmers en jout it gefoel der echt foar de ûndernimmer te wêzen. Wy tinke yn hoe't it wól kin en net wêrom't it net mei. Wy falle 'ús' ûndernimmers net lestich mei in wâld oan regels en foarskriften.

In ûndernimmende en klantfreonlike gemeentlike organisaasje sprekt de taal fan de ûndernimmers. De organisaasje kint en begrypt harren problemen.

Wy binne foar frije slutingstiden foar alle ûndernimmers. Undernimmers kinne hiel goed sels bepale oant wannear 't sy iepen wêze wolle.

Regels út Brussel, Den Haach en de provinsje binne wat ús oanbelanget genôch. Dêr passe gjin ferswierjende lokale oanfollingen fan de gemeente boppe-op!

Wy binne foarstanner fan 'blurring' yn de winkelstrjitten. Blurring is it kombinearjen fan aktiviteiten binnen in bedriuw bygelyks op it mêd fan hoareka, retail, kultuer of tsjinstferliening. Undernimmers krije mear mooglikheden om kreatyf te ûndernimmen. Wy wolle dat hoarekabedriuwen harren produkten ferkeapje kinne oan harren gasten en dat ek winkellju harren klanten as gast ûntfange kinne.

De totale lestedruk foar bedriuwen bliuwt sa leech mooglik. Undernimmers krije fan de gemeente maksimaal ien oanslach yn it jier dêr't alle lokale lêsten op fermeld steane.

Wy litte de merk dwaan, wat de merk sels kin. De gemeente befoardielet de eigen projekten net en soarget foar in 'gelyk spylfjild' mei merkkonfoarme prizen en tariven. Dêr't de merk romte lit, kin de oerheid oerwage te partisipearjen/organisearjen.

Wy bliuwe foarstanner fan in selsstannige stedskmarketingorganisaasje, dêr't bedriuwslibben en oerheid yn gearwurkje.

Wy skrasse oerstallige, tsjinstridige, nutteleaze en net-hânsume regels.

Lokale ûndernimmers binne in wichtige pylder foar de Ljouwerter ekonomy en wurkgelegenheid. It is wichtich dat wy as gemeente dizze lokale ûndernimmers stypje en dat it stypjen fan de lokale ûndernimmers de wurkgelegenheid ek ten goede komt. De gemeente jout opdrachten dan ek safolle mooglik oan lokale ûndernimmers, binnen de mooglikheden fan de wet.

Wy rjochtsje by de gemeente ien loket yn dêr't ûndernimmers telâne kinne foar stipe.

We rjochtsje ien loket yn foar organisatoaren en ferieningen dy't eveneminten organisearje. Der is sprake fan in útnûgjend evenemintebelied, wêrby it loket aktyf en yn oplossingen meitinkt en wêr't je terjochte kinne as der wat tsjin sit.

It terrasseizoen duorret wat ús oanbelanget fan 1 jannewaris oant 31 desimber. It útwreidzjen fan terrassen bliuwt mooglik. Undernimmers binne sels ferantwurdlik foar ôfstimming mei harren direkte omjouwing.

Wêr it kin, ferlingje we fergunningen. Dêrneist stribje wy nei it safolle mooglik ôfskaffen fan fergunningen en ferfange wy dy troch algemiene regels of in meldingsplicht.

Undernimme wurket it bêste yn in feilige en oantreklike omjouwing. Dat is noflik foar ús ynwenners en lûkt besikers oan fan bûten ôf. Omdat de gearwurking fan ûndernimmers yn in winkelgebiet dêroan bydraacht, befoarderje wy bedriuwynvestearringssônes (biz). In biz is in ôfbeakene gebiet lykas in winkelstrjitte of in bedriuweterrein dêr't ûndernimmers en/of de eigeners mei-inoar ynvestearje yn de kwaliteit fan harren bedriuwsumjouwing. Alle ûndernimmers/eigeners yn de biz betelje dêroan mei.

Undernimmers hoege net te wachtsjen op harren jild. De gemeente Ljouwert betellet in faktuer binnen 14 dagen.

2.2 Wurk en ynkommen

Wurk is fan grut belang foar de minske en de maatskippij. Wurk soarget foar kontakt mei oare minsken. Wurk liedt ta selsstannichheid en eigenwearde. Wa't wurket, ynvestearret yn himsels en draacht syn stientsje by oan 'e takomst fan ús maatskippij.

Yn Ljouwert bestiet al jierrenlang in ûnbalâns tusken it tal wurkjenden en it tal minsken sûnder baan. It wurkgelegenheidssifer bliuwt achter en de wurkleazens is hjir heger as yn de rest fan Nederlân. Dat sifer moat nei ûnderen.

It tal minsken mei in bystânsútkearing yn Ljouwert is hast twa sa heech as gemiddeld yn Nederlân. Wy wolle ús net dellizze by dat sifer. Krekt oarsom, wy stelle ús dêrby ambisjeuze doelen: yn 2026 is it tal minsken mei in bystânsútkearing sakke mei 25%. Wy wolle dat safolle mooglik minsken oan it wurk gear. By om- en byskoalling rjochtsje wy ús dêrom op immens talinten en mooglikheden, en hoe't dat oanslút op de arbeidsmerk. As de stap nei regulier wurk noch te grut is, begeliede wy ús ynwenners nei beskut wurk en learwurkplakken.

It ûnderwiis en it bedriuwslibben wurkje nau gear om te soargjen dat der foldwaande passende banen binne foar wa't klear is mei syn oplieding. We wolle in aparte aginda Underwiis en Wurkfjild.

Dy aginda rjochtet him ek op it stiigjende tekoart oan fakminsken yn it mkb de kommende jierren. Tink oan de libbensmiddelssektor, de soarch, detailhannel & bou.

Ast fan in útkearing nei in betelle baan giest, wolle wy datst der yn ynkommen op foarút giest. Regels dy't dit yn it paad stean skaffe wy ôf. Sa foarkomme wy nije earmoedefallen.

Wy binne tsjin eksperiminten mei it basisynkommen of farianten dêrop.

Wa't minder bydraacht, kin ek minder in berop dwaan op de mienskip. As jo bystân krije mar de sollisitaasjeplicht net neilibje of gjin tsjinprestaasje leverje, mar dêr wol ta ynsteat binne, wurde jo koarte op de útkearing. Utkearingsrjochthawwers dy't net genôch ynboargere binne, kinne as tsjinprestaasje ferplichte wurde op ûnderdielen te wurkjen oan ynboargering en yntegraasje.

Fraude is en bliuwt stellerij, mar in flaterke makket dy noch net drest fraudeur. Dit wolle we yn de takomst foarkomme. Oft eat wol of gjin fraude is, wurdt troch minsken beoardiele, net troch algoritmes.

It hjoeddeistige minimabelied is net effektyf. De VVD is foarstanner fan echte oplossingen, net foar doekjes foar it blieden. Der binne no tefolle regelingen mei te min effekt en Ljouwert stiet noch hieltyd yn it ferkearde rychje. Der komt in nij, simpel minimabelied sûnder dat der sprake is fan in earmoedefal. Allinnich dan pakst earmoed effektyf oan.

2.3 Lânbou

Fryslân is in lânbouprovinsje en Ljouwert de lânbouhaadstêd. Fan âlds binne hjir de feemerk en FrieslandCampina ('de Kondinsfabryk') oanwêzich. Ek de oprjochting foar de kowestamboekorganisaasje Us Mem en de hynstestamboekorganisaasje fûnen plak yn Ljouwert. FrieslandCampina is ien fan de grutste wurkjouwers yn de stêd. Boeren binne hurdwurkjende ûndernimmers dy't soargje foar ús iten.

Se fertsjinje wurdearring, romte en stipe om te ynnovearjen of om oer te stappen nei oare foarmen fan lânbou. It is in sektor om grutsk op te wêzen. De poatierappels út de ikkers by Hijum wurde oeral hinne skipe.

Hynsteleafhawwers út de hiele wrâld witte de fokkers út Bears en Jorwert poerbêst te finen. En Sina freget allinnich om molkepoeier út Nederlân. Yn ús gemeente leverje de boeren kwaliteitsprodukten.

Om in florearjende agraryske sektor te behâlden, is it wichtich dat boeren net ûnnedich hindere wurde. Dêrom jouwe wy harren de romte om har grûn foar meardere doelen te brûken. Lykas foar toerisme, agrarysk natuerbehear, rekreaasje of oare bedriuwichheid. Sa wurde boerebedriuwen (ekonomysk) wjerberder en bliuwe se ympakt hâlden op de leefberens yn it gebiet.

Elk boerebedriuw is oars. Yn de gemeente Ljouwert bliuwt romte foar alle foarmen fan buorkjen. It is oan 'e boer om te sjen hokker wize fan ûndernimmen it bêste past by de aard en skaal fan syn of har bedriuw.

Agrariërs yn ús gemeente konfrontearje wy net mei ekstra regels boppe-op Europa, it Ryk en de provinsje. We pleitsje foar in lykspylfjild foar alle agrariërs, wê't se buorkje. Dêrom jilde yn de gemeente Ljouwert oeral deselde regels foar agrariërs foar it útwreidings- en oanpassingsmooglikheden, of it moat wêze dat wetlike easken oars freegje. Bygelyks by lânbou yn of by naturagebieten.

Agraryske ûndernimmers krije de romte om seizoenarbeiders te húsfestjen. Dat is goed foar de ûndernimmer en beheind oerlêst. Dat jildt ek foar oare sektoaren, lykas seizoenstoerisme en de yndustry.

Wy stimulearje agrariërs om ek oan lânskipsbehear te dwaan. Wy sjogge der neat yn om lânbougrûn op te jaan foar 'natuerûntwikkeling' of foar permaninte wetterberging.

Us natuer draacht by oan ús wolwêzen. Dêrom sille wy ynspanne foar herstel en behâld fan de natuer, realistysk natuerbelied en de fersterking fan bioferskaat yn Nederlân. Dat is ek fan belang foar ús ekonomy.

Wy stimulearje in ferduorsuming fan de lânbousektor. Belemmerjende regeljouwing foar it brûken fan bygelyks duorsume enerzjyboarnen, lykas ierdwaarmte, wynenerzjy en duorsume enerzjyboarnen skrasse wy. Draachflak en in goede balâns tusken de belangen fan de omjouwing en de ûndernimmer binne hjirby fan grut belang.

2.4 In brûzende stêd dy't besikers fan bûten oanlûkt

Lokale ûndernimmers wurkje alle dagen hurd oan geryflike en oantreklike winkelgebieten yn stêd en doarpen. Troch yn leechsteande gebouwen wenjen, wurkjen, detailhandel en hoareka te fermingen, kreëarje wy in bloeiende lokale ekonomy. In stêd komt pas echt ta libben as de binnenstêd brûst. Mei in feilich en oantreklik sintrum, lûke we besikers oan fan bûten en soargje we foar in noflike stêd, dy't klear is foar de takomst.

Dêrom sette wy de kommende jierren yn op de fierdere werynrjochting fan it Ruterskertier. Mear grien, sanitêre foarsjennings en de Prinsetún as de moaiste jachthaven fan Nederlân: it binne mar in pear foarbylden wêrtroch de binnenstêd fierder ta ûntwikkeling komt.

It is fan grut belang dat de foarsjennings yn de doarpen fan Ljouwert safolle mooglik op peil bliuwe. De gemeente kin en wol net op de stoel fan ûndernimmers sitte, mar soarget derfoar dat der gjin ûnnedige barriêres binne foar dizze ûndernimmers. Neist romte foar reuring yn de binnenstêd fan Ljouwert soargje wy derfoar dat der ek yn de doarpen genôch mooglikheden binne om eveneminten te organisearjen dy't ekstra publyk oanlûke. It freget fan ús as gemeente in fisy op fitale doarpen yn ús gemeente.

2.5 Rekreaasje en toerisme

Yn ús gemeente is it goed fertoevjen en rekreëarjen. Of no giet om ús wettersport, it romme kultueroanbod, it iepen lânskip of de natuer. De gemeente Ljouwert hat it allegearre. Rekreaasje en toerisme spylje in wichtige rol yn sawol de stêd as de doarpen as op it plattelân. Ljouwert hat mei de Prinsetún foar de farrende toerist, de moaiste binnenhaven fan Nederlân. Grou is sûnt desennia in wichtich wettersportsintrum yn Fryslân, dêr't de havenmaster soarget foar in gastfrije ûntfangst en foar de nedige trochferwizings nei hoareka en winkels yn Grou.

De Pikmar, de Alde Feanen en de Grutte Wielen binne yn trek by it wettertoerisme. Foar de fytsende rekreanten en eigen ynwenners hawwe wy goede fytspaden en ferskate moaie fytsrûtes.

It wide iepen lânskip besteande út de greiden, it feangreidegebiet en de ikkers yn it noarden fan de gemeente makket ús omjouwing ek oantreklik. Wy fine it fan belang dat der in goed lykwicht is tusken de lokale mienskip en toeristyske ûntwikkelingen. De toeristyske foarsjennings binne boppedat weardefol foar de eigen ynwenners.

Rekreaasje en toerisme binne tige wichtich foar ús lokale ekonomy. Dêrom wolle wy dat de gemeente dit stimulearret mei goed ûntwikkele steds- en doarpepromoasje.

Rekreative ûndernimmers meie útwreidzje salang at sy rekken hâlde mei de omjouwing.

By in gastfrije gemeente past gjin toeristebelesting. Wy skaffe de toeristebelesting ôf.

De plannen foar in nije farwei nei Drachten passe net yn de rekreative omjouwing fan Grou en omkriten lykas De Burd en De Hege Warren. De wettersportrekreaasje wurdt hjitroch bedrige.

Besteande toeristyske fyts- en kuierpaden kinne fierder ûntwikkele wurde. Belûk hjirby mei klam de ûndernimmers, sadat ek by dizze rûtes foarsjennings beskikber komme.

De wettersport fertsjinnet serieuze oandacht yn ús gemeente. Wy soargje dat stypjende en fasilitearjende wettersportfoarsjennings beskikber binne, op peil bliuwe of oanbrocht wurde. Tagelyk bliuwe wy ek wach op de befarberens fan wichtige toeristyske fearten.

In soad doarpen lizze fanâlds oan it wetter, mar binne net altyd mei de boat berikber. Troch knyppunten wei te nimmen kreëarrest nije sloeperûten. Sa kinne je anst fia de Jorwerter Feart en de Jaanfeart fan de Swette nei de Frjentsjerter Feart farre.

2.6 Kulturele foarsjennings foar alle leeftiden

Mei Ljouwert-Fryslân 2018 hawwe wy yn folle omfang sjen kinnen hoe ferbinend kultuer foar in maatskippij wêze kin. Yn hiel Ljouwert ûnderfûnen wy de ympakt fan in grutskalich evenemint as Kulturele Haadstêd. By it opmeitsjen fan de balâns efterôf koene wy fêststelle dat kultuer gjin kostepost hoecht te wêzen, mar in wichtige bydrage jout oan de ekonomyske ûntwikkeling. Underoan de streek bleau der in royale 'plus' oer.

Wy ferwachtsje fan opfolger Ljouwert-Fryslân 2028 inselde ynset. Wol lytser yn omfang, mar mei in lykwaardige impact. Yn 2022 jout Arcadia in earste útfiering oan in programma fan 100 dagen. Opnij in regionale ympuls mei in kombinaasje fan kultureel, ekonomysk en sosjaal belied.

Yn sawol de stêd as yn de doarpen soargje wy foar in ryk oanbod fan kulturele foarsjennings en eveneminten. Hjirmei lûke we in soad besikers oan. Dêryn spylje hoareka, musea, SC Cambuur, sportferieningen, biblioteken en buert- en doarpshuzen in wichtige rol. Troch mei-inoar gear te wurkjen drage wy by oan persoanlike ûntwikkeling en ferdivedaasje foar jong en âld. Oft it no giet om in muzykfestival, in kulinêr event of de stedsskouboarch: yn Ljouwert is romte foar kreative ideeën en inisjativen fan de ynwenners.

Yn 2020 is de Kultuernota fêststeld mei in finansjele útwurking by de saneamde 'Midterm Review'. De VVD hat dêrby keazen foar 'de basis op oarder'. Dêrby is lykwols fersomme om foar twa organisaasjes in part fan de subsydzje om te setten fan tydlik nei in fêste subsydzje. Wy wolle dat dochs noch dwaan.

Yn de gemeente Ljouwert binne we meartalich. Ljouwert is net foar neat City of Literature. It Frysk en Liwwadders binne njonken it Nederlânsk in ferriking foar de maatskippij. It soarget foar ekstra binning tusken de ynwenners. De Fryske taal is in fanselsprekkend ûnderdiel fan de Fryske kultuer. Troch streektalen aktyf te brûken hâlde wy talen yn stân.

Wy wolle net besunigje op kultuer, mar sette it jild sa effektyf mooglik yn. Sa berikke wy safolle mooglik ynwenners. Fan kulturele ynstellings ferwachtsje wy dat se helder ferantwurdlikheid ôflizze oer hoe at sy belestingjild besteegje.

De ynsidintele subsydzje foar de biblioteek dbieb en it festival We are the North wurdt omset yn in strukturele subsydzje.

Fansels heart by in gemeente as Ljouwert in bloeiend en breed muzyklibben fan amateurmusisy.

Festivals binne in ferriking foar Ljouwert. Tastimming, fergunningen en ynpassing foar ynsidintele festivals fynt plak binnen de jildende bestimmingsplannen. Ofwikingen wurde op 'e tiid bekend makke sadat mooglike sjenswizen en beswierprosedueres op 'e tiid ôfhannele wurde. Dêr wêr't strukturele oplossings nedich binne (bygelyks De Griene Stjer) wurde, as soks nedich is, nije oanpaste bestimmingsplannen foarsteld. Boppedat wurdt de sprieding, djoer en frekwinsje oer de hiele gemeente goed folge.

De direkte omjouwing (buert, wyk of doarp) fan in festival wurdt op tiid ynformearre en aktyf by de tarieding belutsen. Dy ferantwurdlikheid leit yn earste ynstânsje by de organisator, mar ek by de gemeente, as it giet om it ôfjaan fan fergunningen.

Wy hawwe yn Ljouwert in ryk kultureel en histoarysk erfgoed en wy binne sunich op ús monuminten. Wy jouwe mei-inoar útfiering oan de Ljouwerter erfgoedagenda. By de útfiering meitsje wy gebrûk fan de saakkundigens fan de ferskate musea, Tresoar en oare erfgoedspesjalisten. Mei-inoar wurkje wy oan in oantreklik toeristysk oanbod.

Kultuerûnderwiis helpt bern om mei nije wrâlden yn oanrekking te kommen. Op de basisskoalle krijt elk bern kultueredukaasje. Wy fine in trochrintende learline op it mêd fan keunst- en kultueredukaasje tige wichtich. Wy soargje foar genôch romte foar talintûntwikkeling op it fuortset ûnderwiis en it middelber beropsûnderwiis.

Fasilitearje wêr't mooglik de kar foar goedkeape oefenromten en ateliers yn stêd en doarp. Doarpshuzen kinne foarsjen yn dizze funksje.

Neist it materieel kultureel erfgoed is der yn de gemeente ek rom omtinken foar it ymmaterieel kultureel erfgoed (konform de Unesco Konferinsje-2003). Foarbyld fan ymmaterieel kultureel erfgoed is it Sint Piter-feest yn Grou.

In net fuort te tinken ûnderdiel fan de Fryske kultuer binne de Iepenloftspullen. Troch de ynset fan in soad frijwilligers wurdt der yn Jorwert, Snakkerbuorren en Wergea alle kearen wer in spektakel op it aljemint brocht. Dat fertsjinnet alle lof en stipe út de gemeente wei.

Foar de ien is it sport en foar de oar is it typysk Fryske kultuer. Foar ús binne skûtsjesilen, keatsen, jeu de pelote, Frysk damjen en tippen beide. Dizze sporten foarmje mei de identiteit fan de gemeente Ljouwert.

De (streek-)talen komme werom yn de kommunikaasje fan de gemeente. Elke ynwenner kin yn syn eigen (streek-)taal telâne by de gemeente. De gemeente Ljouwert is taalfolgjend.

It Frysk is lykweardich oan it Nederlânsk.

Haadstik 3

Goede soarch foar elkoar



↑ Hoofdingang
↑ + Spoedeisende hulp
↑ Revalidatie Friesland

⊘
Uitzonderd
ambulances
n bus

ZONE
10

ZONE
10

3.1 Feilich opgroeie

In goede, feilige opfieding biedt kânsen foar ûntwikkeling fan talinten en makket jongerein ta ferantwurdlike minsken. Alden binne dêrfoar yn it foarste plak ferantwurdlik. We wolle dat de gemeente der op tiid by is om âlden en bern mei in probleem te helpen. Om sa betiid mooglik problemen by bern en gesinnen te sinjalearjen, wolle wy dat de gemeente soarget foar goeie keppeling tusken de soarchferlieners en ynstellingen rûnom ûnderwiis, wolwêzen, kultuer en sport.

It stimulearjen fan sûn iten is wichtich en begjint al op de basisskoalle. Elk bern yn ús gemeente moat de kâns hawwe om de dei te begjinnen mei in sûn moarnsbrochje. Wannear opgroeien net maklik giet en der jeugdsoarch nedich is, biede wy help. Dat dogge wy it leafst sa tichtby hûs as mooglik, sadat ús jeugd sa normaal mooglik opgroeie kin. As help wol nedich is, fokusje wy ús op normalisearjen. We plakke net ûnnedich labels en meitsje it net swierder as nedich. It is net de bedoeling dat bern dy't help krije, dit de rest fan harren libben as lêst meidrage.

Der komt in skerperre ôfbeakening fan wat ûnder de jeugdsoarch falt. Noch te faak krije bern help foar saken dy't hearre by normaal opgroeien, of blykt help net effektyf.

Opgroeie giet no ienkear net sûnder hoarten en stjitten. Fan âlden ferwachtsje wy dan ek ferantwurdlikheid foar it sûn opgroeien fan harren bern.

It foarkommen fan help (previnsje) is tige wichtich. Sa foarkomme wy de ynset fan swierdere help. Problemen by bern en húshâldingen besykje wy dêrom sa betiid mooglik te sinjalearjen. Wy soargje foar in yntegrale oanpak en gearwurking mei ferskate ynstânsjes. Der wurdt dêrom mei sosjale wykteams, húsdokters, skoallen, sportklups en de plysje praat om te soargjen dat dizze yntegrale oanpak sa effektyf mooglik wurdt.

As bern ekstra help nedich hawwe, is dat mooglik sûnder dat se moannenlang wachtsje moatte. Dat jildt sawol foar reguliere as foar heech-spesjalistyske jeugdsoarch.

De problemen fan bern hawwe faak te krijen mei problematyk fan de âlden. Troch net allinnich nei it bern te sjen, mar nei de hiele húshâlding, kinne wy bern better helpe.

Wy soargje foar de oanwêzigens fan foldwaande jeugdprofessionals by de húsdokter. Sy binne bekend mei regionale soarchorganisaasjes en it ferlet fan âlden en bern. Sa foarkomme wy ûnnedige trochferwizingen nei te swiere help.

3.2 Underwiis

Goed ûnderwiis biedt bern en jongerein de kâns op in likense start. It jout se kennis en feardichheden mei dêr't se de rest fan har libben profyt fan hawwe. Op skoalle leare wy bern ek wat ús noarmen en wearden binne en hoe't wy yn Nederlân mei-inoar omgean. Op skoalle leare je wat normaal is en wat net. Goed ûnderwiis spilet dêrom net allinnich in grutte rol yn it libben fan it yndividu; de hiele maatskippij hat der belang by.

Ljouwert is de stúdzjestêd fan it Noarden. Yn Ljouwert fine wy in ferskaat oanbod fan opliedings en skoallen. Oft je no studearje sille oan it mbo, it hbo of sels sûnt 2018 oan de universiteit: de fakulteit Campus Fryslân, ûnderdiel fan de Ryksuniversiteit Grins. Ljouwert biedt foar elke studint in passend plak.

Underwiis en it lokale bedriuwslibben wurkje gear, sadat bern en jongeren goed taret wurde op harren baan foar letter. It ûnderwiisoanbod slút oan op 'e arbeidsmerk. Ek wurkje dizze partijen gear om't de maatskippij feroaret. Troch technology en digitalisearring fan in yndustriële nei in kennis- en netwurkmaatskippij. Gefolch is bygelyks dat mear masines bestead minskewurk oernimme. Oar wurk komt dêrfoar yn it plak. Dit freget om it learen fan oare feardichheden.

Om minsken safolle mooglik kânsen op wurk en yn harren wurk te jaan, omearmje wy it begryp 'in libben lang leare'. Hjirtroch kinne je flugger en makliker omskeakelje nei oar wurk as nedich en is minder gau in útkearing nedich.

Skoalle is in feilich plak dêr't bern harren thús fiele. Skoallen hawwe mei klam in taak by de iere sinjalearing fan radikalisearring, loverboys en húslík geweld. De oerheid grypt yn as de frijheid fan ûnderwiis misbrûkt wurdt.

Om de ûntwikkelkânsen fan jonge bern grutter te meitsjen, stimulearret de gemeente dat (taal)efterstannen by jonge bern fuortwurke wurde, bygelyks op it pjutteboartersplak of bernedeiferbliuwen. Begjin by de boarne, en belûk âlden en omjouwing dêrby.

Ferfier foar spesjaal ûnderwiis wurdt fergoede. As âlden harren bern nei bysûnder ûnderwiis stjoere wolle, betelje sy dat ferfier sels.

Wy fine it wichtich datst sa frij mooglik kieze kinst nei hokker skoalle dyn bern giet. De gemeente kontrolearret dêrom oft skoallen har oan de wet hâlde: âlden kinne harren bern by meardere skoallen oanmelde, fan 3 jier ôf. Wy binne tsjin lottingsystemen of postkoadebelied. It is belang dat in skoalle goed en feilich berikber is. Dêrom soargje wy foar in feilige tagong ta de skoalle, mei feilige kuijer- en fytsrûtes. Ek sjogge we nei bygelyks 'tút en derút'-parkearplakken.

Underwiis is fan goede kwaliteit. Skoalbestjoeren binne dêr ferantwurdlik foar, mar de gemeente is petearpartner. As de kwaliteit fan lesjaan ûnder druk stiet, biedt de gemeente stipe. Dy rol pakt de gemeente ek as it giet om it foarkommen fan thússitters yn it ûnderwiis.

Wy bliuwe foarstanner fan in differinsjearre opheffingsnoarm foar primêr ûnderwiis, foar respektivelik stêd en bûtengebiet. Dat hâldt de doarpen leefber. By it opheffen fan in skoalle (y.f.m. learlingoantal ûnder de opheffingsnoarm) is it oan de ûnderwiisstichting om aktyf it petear oan te gean mei omjouwing, en mei-inoar op syk te gean nei in passende oplossing.

De gemeente stelt him as doel om it foartidich skoalferlitten sûnder diploma werom te bringen ta it minimum. School als Werkplaats, School als Vindplaats en it S-team binne bewiisd ynstruminten dy't hjir oan bydrage.

Skoallen wurde stimulearre om mei klam de ferbining te sykjen mei it lokale en regionale bedriuwslibben. Oarsom jildt ek dat it bedriuwslibben mear de ferbining siket mei it ûnderwiis. Dêrmei foarkomme wy in braindrain nei de Rânstêd.

3.3 De goede soarch foar elkenien

Wy wolle dat elkenien de soarch krijt dy't by him of har past. In soad minsken wolle sa lang mooglik selsstannich wenje en libje, yn harren eigen omjouwing en mei de stipe dy't se dêrby nedich hawwe. Krekt dêrom is it wichtich dat de gemeente soarch tichter by minsken oanbiedt. Dêrom stypje wy inisjativen foar soarch op lytse skaal. Hjiryn stiet it persoanlik kontakt foarop en wurdst behannele as in minske.

Elkenien fertsjinnet goede soarch. At de sûnens dy yn 'e steek lit, helpe wy elkoar. Wy fine it gewoan dat famylje, buorlju en frijwilligers inoar helpe. As dat net slagget, steane profesjonele meiwurkers klear foar de stipe dy't je nedich hawwe. It is dan mooglik om leechdromplich yn dyn eigen wyk of doarp help te krijen. Húsdokterspraktiken, buerthuizen, doarpskeamers, praktykûnderstippers, frijwilligers en sosjale wykteams spylje dêr in krúsjele rol yn. Sa soargje wy foar basisstipe yn it deistich libben en ferwize troch as der spesjalisearre soarch nedich is.

Wy wolle dat de regeldruk foar soarchûndernimmers ek yn Ljouwert ôfnimt. Wy wolle wurkje út it prinsipe wei: 'Betrouwen wêr mooglik, kontrôle wêr nedich'. It is belangryk dat oerheidsjild doelmjittich en ferantwurde bestege wurdt. Mar dat betsjut net dat je helpregers en -oanbieders yn it foar lestich falle mei burokrasy en ûnnedich in soad regels en prosedures.

Soarch begjint by previnsje! Want foarkomme is noch altyd better as genêze.

In frijwilliger kin in weardefolle oanfolling wêze foar de beropskrêft, mar nimt net de rol oer fan in beropskrêft.

Wy wolle in yntegraal persoansbûn budzjet (i-pgb); yn 'e ideale situaasje foeget it yntegrale pgb alle hjoeddeiske finansieringsfoarmen mei-inoar ta ien budzjet, sûnder skotten foar de besteging en dûbelingen by it oanfreegjen en ferantwurdzjen.

De desentralisaasjes bringe de útdaging mei om ek op in oare wize nei it organisearjen fan de soarch of nei oare gearwurkingsfoarmen te sjen. En wêr mooglik just te kiezen foar ynnovaasje dan wol oare foarmen fan finansiering.

In Social Impact Bond (SIB) is in finansieringsynstrumint wêrby privaat jild ynset wurdt om maatskiplike fraachstikken op te lossen. Dat kin in goede oanfolling wêze op besteande finansjele ynstruminten en programma's binnen it sosjaal domein.

De Wet normering topinkomens (WNT) is de noarm foar bestjoerders. Wy wolle gjin oare of swierdere normearing as dy wetlik fêstleine.

Net de yndikaasje, mar de soarch is liedend. As it soarchferlet earder ophâlde kin as de ynjûne yndikaasje, dan wurdt dêrmei opholden.

In fergunning foar it oanpassen fan in wenning wurdt fluch ferliend as dat bydraacht oan langer selsstannich wenjen. Dêrom sille wy yn petear mei wenningboukorporaasjes om besteande wenten foar dy doelgroepen oan te passen en te ynvestearjen yn de bou fan nije wenningen foar âlderein en minsken mei in beheining.

As soarch nedich is, dan is dat gau beskikber en fan goede kwaliteit. Dêrom prate wy mei soarchorganisaasjes ôf hoelang at dat duorje mei. As thús wenje net langer giet, fine we dat der binnen 3 wiken opfang beskikber wêze moat. Thússoarch wurdt yn 1 wike regele.

Wolwêzenorganisaasjes ûnderhâlde kontakt mei mantelsoargers om oerbelesting foar te kommen. Wy ûntsoargje ús mantelsoargers dêr't it kin en organisearje útfanhûzermooglikheden (respjithuis) om lucht te jaan.

Wannear profesjonele soarch nedich is, wolle wy maksimale frijheid om te kiezen foar ús ynweners en it wykteam.

Eardere dak- en thúsleazen en minsken mei psychyske problematyk hawwe gauris muoite mei it finen fan geskikte wenromte. Dêrtroch bliuwe se langer yn in ynstelling wenjen as nedich, wêrtroch wachtlisten ûntstean. We wolle dêrom mear selsstannige wenfoarmen mei ambulante begelieding organisearje, lykas Skills yn de stêd, sadat minsken earder har plak weromfine yn de mienskip. Ek net konvinsjoneel wenjen heart ta de mooglikheden. Tink bygelyks oan wenkonteners dy't spesjaal foar de doelgroep pleatst binne mei dêrby passende rânebetingsten.

Te grutte konsintraasjes fan soarchynstellingen yn in buert of doarp binne ûnwinsklik en fersteure de leefberens. Wy wolle sokke ynstellings spriede oer ús gemeente.

3.4 Elkenien docht mei en yntegrearret

Wy hawwe te lang tocht dat it ynboargerjen fan nijkommers inkeld har eigen ferantwurdlikheid is. Mar je binne net direkt selsredsum yn in lân dat oer alle boegen oars is as wêr't jo weikomme. Hjirtroch kinne frijheden dêr't iuwenlang foar fochten is ûnder druk komme te stean, mei parallelle maatskippijen as resultaat. Fan nijkommers ferwachtsje wy dat se yn ruil foar de beane gastfrijheid bydrage oan ús maatskippij. Troch de Nederlânske taal te learen en dy te ferdjipjen yn ús noarmen en wearden, kinst flugger oan it wurk. Dêrby biede wy goede begelieding.

Mei de yngong fan de nije ynboargeringswet op 1 jannewaris 2022 hat de gemeente in rezjyrol by de ynboargering fan statushâlders. It giet om in 'learend stelsel' dat yn elke gemeente oars tapast wurdt. Wêrby it opsetten fan it ynboargeringstrajekt yn de iene gemeente folle langer duorje kin as yn de oare. By foarkar folgje wy it foarbyld fan gemeenten dy't op in flugge wize (en binnen budzjet) foarmjouwe oan dizze trajekten.

Wy binne tsjin de fêstiging fan in nije regionale opfanglokaasje (AZC) yn Ljouwert. It idee fan de regionale opfanglokaasjes is dat dêr kânsrike asylsikers pleatst wurde yn of by de gemeente dêr't se har fêstigje sille as se in status hawwe. Sadat se begjinne kinne mei yntegrearjen. Húsfêsting en wurk is dêrby fan wêzentlik belang. De útstream fan statushâlders nei in wenning is op dit stuit al net op nivo. De wenningmerk stiet ûnder grutte druk. Dêrneist hat Ljouwert in grutte groep fan minsken sûnder wurk. Utsjoch op in wenning en/of in baan foar nijkommers en statushâlders yn de gemeente Ljouwert is dêrmei beheind.

De Nederlânske taal prate is krúsjaal foar it finen fan in baan en om mei te dwaan yn mienskip. Wy soargje foar betelbere kursussen om as nijkommer de taal te learen en geane beheinde taalûntwikkeling tsjin. Dêrby ferwachtsje we fan elkenien maksimale ynspanning om it Nederlânsk te learen. Wannear immen net genôch Nederlânsk praat en bewust net meiwurket, kinne boetes folgje of koartsje wy de útkearing.

Jonge bern fan âlden dy't ynboargerje, gean ferplichte nei in pjutteboartersplak om efterstannen betiid oan te pakken. Wy belûke âlden by taalûnderwiis foar jonge bern. By it ynboargerjen jouwe wy mear omtinken oan ûnderwerpen as selsbeskikking, de lykweardigens fan man en frou, LHBTI-rjochten, antysemitisme en de frijheid fan godstsjinst.

Foar ôfwisde asylsikers of yllegale migranten is yn Nederlân gjin plak. De gemeente Ljouwert stipet harren net en ferlient harren gjin opfang.

3.5 Sûn wêze, sporte en bewege

Sport is goed foar elkenien. It is goed foar dyn sûnens en helpt by it lizzen fan sosjale kontakten. Wy fine it dêrom wichtich dat elk bern sporte kin. It stimulearjen fan de breedtesport stiet heech op de agenda fan de gemeente Ljouwert.

Sporten is in wichtich ûnderdiel om der foar te soargjen dat jong en âld op in sûn gewicht sit en bliuwt. Sporten wurket previntyf en soarget foar in goede algemiene sûnens.

Sportferienings, skoallen en bûtenskoalske opfang wurkje nau gear om de skoalgeande jeugd safolle mooglik bewege te litten. Dit kin ek mei buertsportcoaches. Alderen en groansk siken hawwe baat by safolle mooglik beweging. It is net allinnich goed foar de sûnens, mar giet ek iensumens tsjin.

Wy soargje foar genôch plakken om bûten boartsje en sporte te kinnen. As in sportfjild plak meitsje moat foar wat oars, wolle we dat dizze romte op in oar plak kompensearre wurdt.

Sporte is wichtich foar de fysike en mentale sûnens. Troch te sporten wurde wy fitter, slute wy freonskippen en dogge wy aktiver mei oan 'e maatskippij. Omdat sport op safolle manieren in positive ynfloed hat op ús

ús libben, is it logysk om sport yn te setten as helpmiddel foar ús ynwenners mei wa't it minder goed giet. Dêrom wolle wy dat sportklups, it ûnderwiis en soarchynstellingen nau mei-inoar gearwurkje sadat sy problemen op 'e tiid sinjalearje.

By nijbou, ûntwikkelings of grut ûnderhâld tinke wy nei hoe't ús iepenbiere romte ynrjochte wurde kin foar sport- en spulfoarsjenningen. Wy freegje dêrby oan de (takomstige) ynwenners om aktyf mei te tinken.

Sportferienings, skoallen en bûtenskoalske opfang wurkje nau gear om de skoalgeande jeugd safolle mooglik bewege te litten. Buertsportcoaches kinne hjirby helpe.

Haadstik 4

In oerheid dy't
wurket foar
ynwenners en
ûndernimmers



4.1 It belang fan de ynwenners stiet foarop

De gemeente Ljouwert meitsje we mei-inoar! Wy bondelje ús krêften en wurkje mei nocht gear om de problemen op te lossen yn ús eigen strjitte, buert, wyk of doarp.

Dêrom fine wy it wichtich dat de gemeente Ljouwert tûke en kreative inisjativen fan ynwenners en ûndernimmers oanmoedicht. It entûsjasme fan 'e maatskippij benutte wy safolle mooglik. En by wichtige besluten wurde ús ynwenners yn in sa betiid mooglik stadium belutsen.

Jongeren hawwe de takomst. Dêrom is it wichtich om har in goede en feilige omjouwing te bieden dêr't se yn studearje, wenje, wurkje, rekreëarje en sporte kinne. Belied moat dan ek safolle mooglik makke wurde troch it petear oan te gean mei de jongerein. Sy witte it bêste wat se nedich hawwe.

De doarps- en wykkoördinatoaren hawwe in wichtige funksje yn de gemeente Ljouwert. Se binne de earen en eagen fan de gemeente. Goede gearwurking mei de doarpsbelangen en wykrieden is essinsjeel.

By it opstellen fan nij belied wurdt elkenien dy't dit streekrjocht rekket aktyf belutsen.

Dêrby kreëarret de gemeente yn it foar dúdlike ferwachtingen om teloarstellingen efterôf foar te kommen. Sa wurkje wy oan draachflak en better belied.

Partisipaasje betsjut net dat de grutste razers altyd gelyk krije. De gemeente hat each foar de 'stille mearderheid' dy't de gemeente net altyd sa gau wit te finen. Sa hâlde wy balâns by it meitsjen fan karren.

It kolleezje en gemeenteried binne benaderber foar de ynwenners. Wy geane it petear oan en net út 'e wei. We behannelje inoar mei respekt. Agree to disagree kin ek in útkomst wêze.

4.2 Ferstannich mei jild omgean

Wy steane foar in fleksibele en slachfeardige oerheid. De gemeente is de earste yngong foar har ynwenners en it belang fan de ynwenners stiet altyd foarop. Mei ienfâldige formulieren, helder taalgebrûk en oersichtlike regels helpe wy alle ynwenners en ûndernimmers foarút yn it libben.

Wy binne in oerheid dy't iepen stiet foar feroaring en dizze oemarmet. Us ynwenners, ûndernimmers en studinten krije aktyf de romte om de gemeente Ljouwert nóch better wurkje te litten. Studinten kinne stazje rinne by de gemeente Ljouwert. By dizze stazjes wurdt ûndersocht wêr't ferbetteringen mooglik binne. We leare fan inoar.

Belestingjild wurdt fertsjinne troch ús ûndernimmers en ynwenners. Elke euro dy't de gemeente útjout, is fan harren ôfkomstich. Dit jild wurdt dêrom sinfol (sunich), ferantwurde (sinnich) en rjochtmjittich (deugdlik) bestege. Wy wolle dat helder is wêr't belestingjild oan útjûn wurdt.

We soargje dat it dúdlik is wat de finansjele konsekwinsjes binne fan besluten dy't it kolleezje en de gemeenteried nimt. It kolleezje is der foar ferantwurdlik dat it húshâldboekje op oarder is neffens de regels (BBV) dy't dêr foar jilde. De gemeenteried jout gjin 'net dutsen sjeks' út: moasjes en amendeminten binne foarsjoen fan deugdlike finansjele ûnderbouwing.

De útjeften en ynkomsten fan de gemeente binne transparant. De begrutting en it jierferslach binne helder lêsbere. De organisaasje en prosessen fan de gemeente binne sa ynrychte dat de akkountant jierliks in goedkarrende ferklearring ôfjout.

De gemeente soarget derfoar dat ICT folslein up-to-date is, sadat privacygefoelige ynformaasje fan ynweners beskermde is tsjin digitale hacks en cyberoanfallen. De gemeente wurket gear mei oare oerheden om digitale kriminaliteit, lykas identiteitsfraude, tsjin te gean of te bestraffen.

De gemeente docht periodyk de hâldberheidstest gemeentefinânsjes fan de Vereniging van Nederlandse Gemeenten (VNG). De skuldratio en ek de netto skuldkwota binne op akseptabel nivo.

It gemeentehûs is fysyk berikber en hat ek iepeningstiden bûten kantoartiden foar saken dy't je net digitaal regelje kinne. By fragen is it altyd mooglik om mei in minsk te praten yn stee fan in kompjûter.

In transparante oerheid fine wy wichtich. De gemeente ynformearret ynweners oer gegevens dy't wichtich binne om in oardiel foarmje te kinnen oer it lokaal bestjoer, lykas de besteging fan subsidzjes.

Bewenners en ûndernimmers krije alle jierren ienfâldich ynsicht yn de útjeften en de effekten hjirfan.

De gemeentlike leezjes binne safolle mooglik basearre op de kostpriis. 'De brûker betellet' is it útgangspunt. It is net akseptabel as allegear kosten op ynweners ôfwentele wurde. Foar ferfanging fan in stellen rydbewiis of identiteitsbewiis hoege je net te beteljen. Sa'n situaasje is al ferfelend genôch.

De hûnebelesting is gjin earlike belesting. Dus skaffe we de hûnebelesting ôf.

De gemeente beheint har ta har basistaken. De gemeente is gjin útstjoerburo, wolwêzensynstelling of sosjale wurkpleats. Organisaasjes op ôfstân fan de gemeente, wurkbedriuwen en oare foarmen fan (sosjale) ûndernimmingen kinne dizze taken poerbêst útfiere sûnder dat se streekryocht ûnder de gemeentlik organisaasje falle.

Wy binne foarstanner fan zero-based budgeting. Ynstee fan de foarige begrutting as basis te brûken, begjinne wy hielendal op 'e nij. Fan de basis ôf opbouwe en dan sjen wat der nedich is.

VV
D